Fragehealoerke 26 jannewaris 2023

Underwerp: **Krusing Reitsmastrjitte/Betonwei/Lândyk**

Achte kolleezje,

In skoftsje ferlyn hawwe wy as FNP fragen steld oer de boppeneamde krusing.
Der is subsydzje takend oan de provinsje. No witte wy dat ús gemeente Achtkarspelen hjir ek foar subsydzje foar oanfrege hat.

- Kin it kolleezje ek sizze wat de stân fan saken hjirfan is?

- No hawwe wy begrepen dat der nei de simmer begûn wurdt mei de earste tariedingen en dat der dan op syn betiidst yn 2026 begûn wurde kin mei de wurksumheden. Kin it kolleezje hjir ek wat yn betekenje, dat hjir earder mei begûn wurdt?

Ut namme fan de FNP-fraksje,

Wopke Veenstra